



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’.

De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en in ‘nij libben’ begûn. Yn dat nije libben draait alles om Jezus fan Nazaret. Mar wa is Jezus no krekt? En wa binne syn heit en mem?

De hoeders fertelden dat sy de earsten wiene dy’t fan de ingels oer de berte fan Jezus hearden. Se hawwe sels yn ‘e stâl op poppebesite west en binne dêr yn ‘e kunde kommen mei Joazef en Maria. En hoe soe it letter mei Jezus gien wêze?

Jezus yn ‘e timpel

Lukas 2,40-52

Daniël hie fan in keapman út Kafarnaüm trije jonge kamielen kocht. Se wiene noch mar krekt by de mem wei. Simon holp om se drinken te jaan.

Mem stie der ek by te sjen. “Moarn geane pake en Daniël beide wer fuort. Dêrom meitsje we it jûn noch efkes gesellich”, sei se.

“Sille we by it fjoer ite?”, frege Sara. “Ik help mem wol.”

“Dan freegje ik ús heit om in ferhaal te fertellen”, sei Simon.

“In ferhaal dêr’t wy ek yn foarkomme!”, rôp Sara Simon noch gau efternei. Dêr hold se fan. Heit makke dan grapkes dêr’t se om laitsje koene.

Jûns sieten se mei-inoar om it fjoer hinne. Allinne heit siet op it muorke. Sa siet er in bytsje heger as de oaren.

“Ssst...,” sei Simon, “heit fertelt...”

“Oer Sara en Simon! En oer Jezus!”, rôp Sara. Se skrok derfan.

De oaren moasten derom laitsje.

“No, toe dan mar”, sei heit. “Hâld jim fêst, it wurd wol hiel spannend.”

“Trochrinne, hear,” sei mem. “It is al let.”

“Wêr sliepe we fannacht?” frege Sara.

Heit wiisde nei it doarpke yn ‘e fierte: “Sjoch, dêr moatte we wêze! As we flink trochstappe, komme we foar it tsjuster noch by in bêd-en-brochje oan.”

“Kom Simon”, rôp mem, “by ús bliuwe! Aanst binne we dy kwyt. It is hjir sa drok.”
Efter harren lei de stêd Jeruzalem. Se hiene dêr yn de timpel west, it Hûs fan God. Foar Simon en Sara wie dat de earste kear. Se hiene har de eagen útsjoen. Heit en mem hiene der wol fan ferteld, mar doe’t se echt yn it Hûs fan God wiene, wie it dochs hiel oars. Grutter... mar foaral plechtiger.

Foar harren rûnen in man en in frou. It wiene Joazef en Maria, de âlden fan Jezus. De hinnereis hiene Jezus en Simon noch in skofke mei-inoar oprûn.

Maria seach efterom en joech Sara en Simon in knypeachje. Tsjin Joazef flústere se: “Ik bin sa bliid dat Jezus it Hûs fan God no sels sjoen hat.”

Joazef knikte.

Ynienen bleau Maria stean en sei: “Wêr bliuwt Jezus eins? Syn freonen binne allegearre al foarby mei harren âlden. Wat raar!”

“Och, hy sil aanst wol komme. Ha mar gjin noed. Hy is ommers al tolve”, stelde Joazef har gerêst.

It waard al jûn. De sinne wie al hast ûnder...

Maria hie leaver hân dat Jezus daliks mar mei harren gien wie.

Mei de hannen boppe de eagen socht se de wei ôf. Oan Simon frege se: “Hasto Jezus miskien ek sjoen?”

Simon skodholle en sei: “Nee, yn Jeruzalem wol, mar op de weromreis net.”

Doe pakte Maria Joazef by de earm en sei: “Sa wol ik net fierder, Joazef! We moatte werom nei Jeruzalem.”

Sara, Simon, en heit-en-mem rûnen troch...

Joazef en Maria kearden om.

It wie stil op 'e weromreis. De measte minsken hiene al in sliedplak fûn. Joazef en Maria sochten alles ôf om Jezus. Wat sieten se yn noed.

Der wiene no al in pear dagen om. Famylje, freonen en bekenden hiene se allegear al frege, mar nimmen hie Jezus sjoen.

“En dan te betinken dat Jezus altyd sá om sizzen jûn hat”, suchte Maria. “Dit is al de tredde dei dat wy om him sykje.” Se begriep der neat fan.

“Ik sil nochris yn 'e timpel sjen”, sei Joazef.

Gelokkich mar, want dêr wie er.

Maria gûlde fan blidens doe’t se Jezus tusken in pear gelearde mannen sitten seach.

“Ssst”, flústere Joazef.

Mar Maria koe har net langer stilhâlde. Se rûn nei Jezus ta en barste yn gûlen út:

“Jonge dochs! Wat bin ik bliid!”

Dikke triennen rûnen har by de wangen del. “Jim heit en ik hawwe dy oeral socht.”

Jezus kaam oerein en sei kalm: “Wêrom hawwe jim my socht? Dit is myn thús! Witte jim dan net dat ik dwaande wêze moat mei de dingen fan myn Heit?”

Maria seach helpleas nei Joazef. Beide begriepen se der neat fan.

Jezus bedoelde fansels: Ik moat de minsken hearre litte wa’t God is.

Ien fan dy gelearde mannen kaam op Joazef tasetten en sei: “Jo hawwe in knappe soan, hear. Wy hawwe in soad fan him leard.”

“Ja, dat is goed”, stammere Joazef, “mar hy moat no meikomme.”

Wat wie Maria bliid dat se wer mei harren trijen wiene. Se moast hieltyd tinke oan wat dy wize man yn 'e tempel tsjin Joazef sein hie.